

SKRIFTLIKE FRAGEN, op grûn fan Kêst 41 Reglemint fan Oarder

Rjochte oan DS / lid DS	Avine Fokkens Underwerp: Ferkearsfeiligens St. Anne
Ynliedende taljochting (fakultatyf)	<p>St. Anne is it grutste plak fan It Bilt en hat in wichtige sintrumfunksje. Omdat midden yn St. Anne de twa provinsjale diken N383 en N393 inoar kruse, komt der in soad ferkear troch it doarp.</p> <p>By in wurkbesite fan de gemeenterieds- en provinsjale steatenfraksjes fan de ChristenUnie en de FNP waard sprutsen mei ynwenners, ûndernimmers, dosinten en learlingen fan legere en middelbere skoalen yn St. Anne. Sy joegen oan dat sy soargen hawwe oer de ferkearsfeiligens.</p> <p>Yn it figearjende gemeentlike ferkears- en ferfersplan út 2009 wurde de knyppunten op it mêd fan de ferkearsfeiligens dúdlik oanjûn, sawol wat de registrearre ûngelokken oangiet as hoe't minsken de feiligens belibje. It docht bliken dat de konkrete krusingen en oerstekken dy't de bewenners oandrage¹ noch krekt deselde binne as dy't beskreaun stean yn it gemeentlike ferkears- en ferfersplan en ek yn in ferkearsûndersyk fan Veilig Verkeer Nederland út 2016.</p> <p>De oanpak fan de ferkearsfeiligens binnen de beboude kom fan St. Anne is yn earste ynstânsje de ferantwurdlikheid fan de gemeente. Mei omdat it hjir giet om de krusing fan twa provinsjale diken en ek om de oanslutingen op de wegen yn it doarp, freegje wy it kolleezje fan deputearre steaten om har yn te setten om tegearre mei de gemeente Waadhoeke de knyppunten yn St. Anne oan te pakken.</p> <p>Ferwizings:</p> <ol style="list-style-type: none">1. De Bildtse Post, 'Verkeersveiligheid St.-Anna op de kaart zetten', 18 desimber 2019;2. Ministerie van Infrastructuur en Waterstaat, Verzamelbrief AO Verkeersveiligheid, 16 desimber 2019;3. Provinsje Fryslân, Utfieringsprogramma Ferkear en Ferfier 2020, oktober 2019;4. Provinsje Fryslân, brief 'Ryksbydrage oan feilige ynrjochting fan N-diken', 26 febrewaris 2019;5. Gemeente Waadhoeke, Kadernota 2020-2023, juny 2019;6. Coalitieakkoord Waadhoeke 2018-2022, 'Nije grinzen, nije kânsen', novimber 2018;7. Veilig Verkeer Nederland, Verkeersonderzoek St. Annaparochie, 22 novimber 2016;8. Gemeente Het Bildt, Gemeentelijk Verkeers- en Vervoersplan Het Bildt, 1 septimber 2009.

¹ Dit binne benammen de krusingen Beuckelaar-Van Harenstraat, de ûnoersichtlike oergong by de Van Harenkerk en de krusing Brandsmalaan-Warmoesstraat-Nassaustraet wêr't in soad skoalbern oerstekke. Fierder die yn in petear mei learlingen fan de Campus Middelsee bliken dat sy foaral de fytsoerstekken (fan fjouwer ferskillende kanten) by it ynkommen fan it doarp en de kombinaasje fan lânbou- en fytsferkear op ien dyk as ûnfeilich ûnderfine.

Fraach / fragen	<ol style="list-style-type: none"> 1. Is it kolleezje bekend mei de ferkears situaasje yn St. Anne en mei de boppeneamde knyppunten? Is it kolleezje it mei ús iens dat dy in negative wjerslach hat op de leefberens en de regionale sintrumfunksje dy't St. Anne foar de omjouwing hat? 2. Is it kolleezje ree en gean it petear mei de gemeente Waadhoeke oan oer hoe't de ferkears situaasje yn St. Anne ferbettere wurde kin, bygelyks troch it oanpassen fan krusingen, it oanlizzen fan sebrapaden of it ynstellen fan in 30 km/oere-sône? Binne der ferkears technyske easken fan de kant fan de provinsje dy't guon fan dy oplossingen minder of mear kânsryk meitsje en wêrom is dat sa? 3. Ien fan de twa kategoryen knyppunten dy't benammen de learlingen en dosinten neamden as ûnfeilich, is de kombinaasje fan lânbouferkear en fytsers. It twadde is it feit dat fytsers oerstekke moatte by it begjin fan it doarp, dêr wêr't de provinsjale dyk oergiet nei de beboude kom. Wol it kolleezje, yn de mande mei de gemeente Waadhoeke, útsykje hoe't dy knyppunten ferbettere wurde kinne? En oanjaan wat foar maatregels dêrfoar nedich binne? 4. De Minister fan Ynfrastruktuer en Wettersteat jout oan dat ferkearsfeiligens in nasjonale prioriteit is en dat it kabinet 500 miljoen euro frijmakket om by te dragen oan projekten fan mei-oerheden om ferkearsûnfeilige lokaasjes op gemeentlike en provinsjale wegen oan te pakken yn de perioade 2020-2030. It provinsjaal útfieringsprogramma ferkear en ferkear 2020 giet ek yn op it feilich meitsjen fan û.o. fytswegen en krúspunten. Wol it kolleezje him, yn de mande mei de gemeente Waadhoeke, ynsette om by it oplossen fan de knyppunten yn St. Anne gebrûk te meitsjen fan de earmerke nasjonale jilden foar ferkearsfeiligens?
-----------------	---

Yntsjinner(s)	(fraksje / namme / hântekening) FNP, Sijbe Knol ChristenUnie, Matthijs de Vries
---------------	---

Datum	12 februari 2020
-------	------------------